

Oprjochting fan "de Sékrite", Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn'e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe't efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy't al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn'e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr't hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om't Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau'ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan'e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man fan de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn "de Meerkoet", it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1^{ste} foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wienen der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woe-ne wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn'e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik "De bekroande earsteling". De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wienen. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,=). Yn dy tiid wie der ek faak in ferslachjouwer fan de krante, mei in fotograaf.

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik "Taaie Teie". Op 12 maart 1974 koe it 300^{ste} lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net allinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris.

Spitigernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylders. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog

<http://www.fryskbutenfryslan.frl>

Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!

Meidielingelêd fan de Sékrite



**Fryske Krite
Flevolân
út Lelystêd**

**Oprjochte 25 novimber 1971
Lid fan It Keninklik Frysk Boun om Utens.**

**Jiergong 39
Nûmer 3, Maart 2025**

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889
RABO-bank Lelystêd
Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396

MINSKEN,
wêz dochts tûk
kom nei Valentijn
foar in presintsje
of opsmûk



KUNSTNIJVERHEID

Waagpassage 126,
8232 DW Lelystad.

THEATER POSA

**It festjebûsteäter yn
Lelystêd foar keunst-
leafhawwers! It moe-
tingsplak foar jong en
âld, in briedplak foar
alle kulturele ynstel-
lingen fan Lelystêd en
omkriten.**

**Kempenaar 01-10,
8242 BA Lelystad.**

Foar nije en healsliten boeken



kin Jo altyd terjochte by:

Luit en Johanna Dijk

0320 - 412444

luit.dijk@kpnmail.nl

Schoen- & Sleutelservice

T. Boonstra
Weversstraat 24,
8223 AC Lelystad
Tel.: 0320-222288



**Als uw banden
versleten zijn,
gooit u uw auto toch
ook niet weg !?**



VAN LIER
SINCE 1815

Voor meer informatie over vakkundige
reparatie van uw kwaliteitsschoenen, kijk op

WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL

It Keninklik Frysk Boun om Utens

AG en M- en Y-dei 29 maart 2025.

Sneon 29 maart 2025 binne jimme allegearre wol-
kom op de **Algemeine Gearkomste** en de **Moe-
tings - en Ynspiraasjemidde** fan it Keninklik Frysk
Boun om Utens . Dizze sille holden wurde by de
krite Utert/Seist yn 't Veerhuis yn Nieuwegein.



Sjoch foar de wurklist fan de AG en MYM de webside fan it Boun:
https://www.fryskbutenfryslan.frl/ag_lyts_ambyld.htm

wie). Doe stelde ik mysels de fraach: kin ik jaloersk wêze op ien dy't it fierste
ôf stiet fan wat ik wêze wol? En as it antwurd ja is, hoe bin ik jaloersk op ien
dy't obee is? Want it lêste dat ik wêze wol is modderfet. Yn myn holle stie in
obee yn himsels ta, wat ik net mocht, mar wol nei woe: lekker ûnremme
frette. Wylst ik, as ien mei in bytsje oanlis foar dik wurden, wol altyd en ivich
om myn iten oan it letten bin. Earme ik. Dochs jaloersk.

Wy ha allegear in Trump yn ússels en de measten fan ús leare dat dat ûnak-
septabel is. It is dreech der kontakt mei te meitsjen. Mar wy hawwe allegearre
wol in gefoel by hoe hearlik oft it wêze soe om folslein skamme dysels wêze te
kinnen. Thús, op dyn wurk, op bêd: wat in frijheid.

Wêrnei't wy langje is frede slute mei de Trump yn ús. Wat dêrby helpt is jin-
sels tastean om jaloersk op him te wêzen (ik wit it, it is net te dwaan). Mar it is
nedich om fierder te kommen, oars bliuwst allinnich mar liik en frustrearre. En
noch problematysker: ast de Trump yn dysels net erkent, bliuwst stikem sûn-
der skamte egoïstysk, laf en ynsochtich.

Allinnich watst heelst yn dysels, kinst hele yn 'e wrâld.

Sukses.

Dit skriuwen seach ik yn de krante stean, de skriuwer wit ik net. We binne net gewoan om it oer polityk te hawwen yn ús krantsje, mar dit kin ik net foarby gean litte!

Bespeging oer Trump.

No't Trump oan syn twadde termyn begûn is en de measten fan jimme mei in bytsje mislik gefoel yn de búk sitte, moatte we it miskien hawwe oer wat him sa oantreklik makket. It ynsjoch wat ik mei jimme diele sil, haw ik te tankjen oan Sam Harris. Harris is in Amerikaanske neurowittenskipper, filosoof en skriuwer. Hy is ek in beoefener en advokaat fan mindfulness en meditaasje, mei in fokus op bewustwêzen en de aard fan de minsklike ûnderfining. Harris hie ynearsten ek grutte muoite mei begripen wêrom't minsken (kiezers) har oanlutsen fiele ta ien dy't sûnder skamte egoïstysk is, gjin moreel kompas liket te hawwen, hieltyd licht, himsels ferrikt ensfh. Dit is it antwurd: Trump freget dy net de bêste ferzje fan dysels te wêzen. Hy jout dy permisje om ûnbeskamme ynklauwerich, ûnearlik, laf en grinsleas sels nommen te wêzen. Dat mei gewoan! En dêr meist ek noch skatryk mei wurde. Hy lit dy sjen dat it kin.

Gjin yntrospeksje, gjin kompassy, gjin kwetsberheid, gjin ferantwurdlikheid hoege te nimmen foar de skea dy't je oanrjochtsje, nea sorry sizze hoege. Alinnich mar rykdom, macht en dysels fantastysk fine. It is de ultieme wiete dream foar it ego. Ik haw oait mei myn stjoerlearaar wurke oan jaloerskens. Ik hie gjin kontakt mei myn jaloerskens en ik hie wol ynsjoen dat dêr wat superieurs achter sitte moast. Earne hie ik noch in oertsjûging dy't sei "ik bin net jaloersk op dy om't ik better bin". Sa beskerme ik mysels. Lang ferhaal koart: it slagge om ta it plak te kommen dêr't ik jaloerskens fiele koe (wat befrijend



Ynhâld Meidielingelêd:	side
# Foaropwurd fan de foarsitter	2
# Kritegearkomsten winterskoft 2024-2025 Kritejijs	4
# In smout ferhaal	5
# Lâns de grins kuijerje	7
# Utnûging foar freed 11 april mei toanielselskip PRO REGE ..	8
# Ut de Boekehoeke	11
# Ut de Itensiderij	12
# Ferslach fan 22 febrewaris mei it Dreamteäter	13
# Ferhaaltsje 'Treast'	14
# Gedicht 'Us Fryske Taal'	14
# Gedicht 'Us âlde Bles' fan Pieter Jelles Troelstra	15
# Bespeging oer Trump	16

*De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar **15 april 2025**.*

Kolofon

Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite:

Foarsitter: Jan Bijkerk, e-mail: sekrite@janbijkerk.nl

Ponghâlder: Jan Koopman, e-mail: jan@zwanenwater.nl

Skriuwer: Luit Dijk, e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl

Lid: Yvonne Nederpel, e-mail: ycm.nederpel@gmail.com

Lid: Annie Noppers, e-mail: annie_evenhuis@hotmail.com

Lid: Jantsje Meijer, e-mail: jantsje-meijer@live.nl

Koar: Wytske Fransen, til: 06-36211367, e-mail: [wytsfra@gmail.com](mailto:wytstra@gmail.com)

Kosten: It lidmaatskip is €25,= yn't jier / stipers €15,= yn't jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft by skriuwer Luit Dijk.

De redaksje en opsmûk fan it boekje: **Jan en Sjoerdsje Bijkerk**.

Eareleden fan de krite: **Albert Postma en Gerrit Kingma**.

FAN DE FOARSITTER.

Bêste minsken,
It is ein febrewaris en it liket der
op dat de winter nei syn ein
giet. Hjoed 14 graden en de sin-
ne skynt prachtich. Dat giet wer
op nei de maitiid. De krookjes
en titelroazen sitte tsjin de bloei
oan. Noch inkele dagen en dan
steane se yn folle bloei.

Wy as bestjoer binne wer drok
dwaande om de datums foar it
kommende winterskoft ôf te praten foar de reservearring fan de sealen.
Der binne sa'n 16 adressen dy't ús kritekrantsje fia de post besoege
krije. Dy 16 adressen kostje oan boekjes en postsegels de krite € 300,=.
Dat is in protte jild, dêr kinne wy ek Posa in jûn foar ôfhjere. Wy ha dan
ek in ynfentarisasje holden ûnder de leden dy't oant no ta it krite-
krantsje fia de post krije, mei de fraach of sy it krantsje fia de mail krije



Uilke de Boer wurdt troch it lendeisbestjoer tanke
foar syn presintaasje oer Eastergoa



Us sjongkoar by de Nijjiersbesite

wolle. Oant no ta hawwe
mear as trijekoart tasein dat
sy dat wol wolle. Wy
wachtsje noch op in reaksje
fan dejinge dy't noch net rea-
gearre hawwe. Dus minsken,
jou noch efkes in reaksje op
myn mail.

Yn jannewaris hawwe wy de
Nijjiersgearkomste hân. Ik
koe der sels net by wêze,
want ik wie doe siik. Ik ha
wol heard dat it in ynteres-
sante middei west hat mei de
ferhalen fan Uilke de Boer

oer Eastergoa. Koartlyn hat it Dreamteâter fan Akkrum foar ús optreden

Us âlde Bles.

Us Bles hat mannich prizen wûn,
gjin hynder koe sa rinne;
gjin better guds wie fier yn't rûn.
Gjinien koe 't fan him winne.
No is er âld en stiif en blyn
En kin gjin fracht mear lûke;
Der sit gjin fleur en tier mear yn,
Wy kinne 'm net mear brûke.

Der kaam in keapman oan de doar,
dy woe it bist wol fille.

Us heit dy naam syn bod net oan,
hy wie him net te wille.

Want heit dy sei: "Yn wol en wea
hat dizze guds my tsjinne,
ik sil him fuorje ta syn dea,
dat hat er wol fertsjinne."

No kin ús âlde trouwe Bles
it nearne better krije;

Hy noasket om yn 't wiete gers
of lit op strie him flje.

Mar as er heites stap mar heart,
dan kin er blikkje en wrinzgje;

't is krekt as seit er: "Boer haw tank,
ik kin 't net better winskje."

Pieter Jelles Troelstra (1860-1930) út "Foar hûs en hiem".



TREAST.

As lyts jonkje hie ik in soad lêst fan ferlittingseangst. Lokkich wie der by de kresj altyd ien juf dy't my dan ta bedarjen krije koe.

No bin ik 41. Us mem is krekt ferstoarn. By de konsdoleânsje skodzje ik de hân fan in foar my ûnbekende âldere frou út it doarp fan myn âlden. Se seit my har namme en dat ik eartiids by har op de kresj siet. Ynienen wit ik wa't ik foar my ha. "Juf Froukje!. Jo koene my altyd sa goed treaste as myn mem fourtgean wie." En se antwurdet: "Ik tink dat ik it noch wol kinne soe."

Dan freegje ik oft ik har omearmje mei. Dat mei. En se koe it noch!

Joost Krijnen.

US FRYSKE TAAL

Net maklik is ús taal.
Wêr rûgelt sa rojaal
sa'n romme rije rynske rykdom
troch in minskestrôt
oan lûden like ûntelber
as de kerlen fan it nôt.
Wêr koarret men sa'n knoarre
klanken
trinten oer de tongen,
mei in mjitske mjuks fan emoasje
yn de mûle mongen,
komt soks derút as in ljurkeliet
fol leaflike lryk
of, as 't register rau en rûch is
en de bekken bryk,
as 't kôgjen op in klute klaai.
Men kin der alles mei.

Bekbrekkend is ús spraak.
Wêr ropt men sa omraak
fan lêbich frommes, grutte
omkoal,
sokses, slûge, slob,
wêr rispje sa groulivich
en grouwêlich gjalpen op
út azempiip en pânse
kop en kont en bek en bealch
Wêr tizet en tramtaerret men
syn tonge al den wearlich.
Wêr wierret, tjrget, twirret it
saksearret it en siicht
wêr ongelt, bongelt, barget it
en reint it dat it miicht?
Net maklik is ús taal,
mar 't klinkt as in koraal!

mei 'STOKJES'. Der wienen 43 fan ús leden oanwêzich. It ferslach fan de middei stiet op side 13. Hjirûnder ha ik noch wat foto's fan de middei pleatst.

Op freed 11 april hawwe wy wer sa'n goeie toanielploech, "Pro Rege" út Holwert. Ik hoopje jimme dan, mei noch mear leden, wer te sjen yn te-äter Posa.

Oant dan!! Jimme kritefoarsitter, Jan Bijkerk



Foto's fan it toanielstik

'STOKJES' fan Dreamteäter.

Wy meie de adressen fan de pearen dy't harren troudei fiere, net yn it boekje sette, mar as jimme de jubilearende pearen in kaartsje stjoere wolle, as wat oars, dan kinne jimme it adres freegje by Annie Noppers - sjoch side 1.

KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOFT 2024-2025

DATUM	WAT KOMT DER?
FREED 11 april 2025 !!!	20:00 oere yn POSA: Pro Rege mei it stik : 'Ik bin alhiel fan jo, menhear Visser'

KRITENIJS.

- As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei:
annie_evenhuis@hotmail.com, dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.
- As der leden binne dy't oar kritenijns hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei sekrite@janbijkerk.nl. Yn't foar tige tank.

By bestjoer bekende troudatums van ús leden:

- ♦ Famylje Swart, op **29 april 55 jier** troude
- ♦ Gerrit en Tjitske Kingma, op **21 maaie 50 jier** troude.

TA NEITINS OAN PIETSJE KALSBECK - HOVINGA.

'Ferhuze nei us Hert', stie op 'e kaart fan Pietsje Kalsbeek, yn 'e âldens fan hast 86 jier.



Op 24 jannewaris is, nei in tiid fan ôfnimmende sûnens, ús kritelid Pietsje Kalsbeek, ferstoarn. Op de kremaasje op 30 jannewaris wienen hiel wat leden fan ús krite en sjongkoar oanwêzich. Pietsje is berne yn Wergea. Pietsje, tegearre mei Pier dy't ús al ûntfallen wie, is jierren lid west fan de krite en sy kamen yn it ferline op hast alle kritejûnen.

Pietsje hat sa'n tweintich jier lid west fan ús koar, de lêste jierren koe sy it net mear opbringe troch har sykte en de soarch foar Pier. De lêste wiken is sy noch yn it sikehûs en letter yn de hospys fersoarge wurden. Pietsje woe graach nei Pier, it wie goed sa, se wie der wol klear foar. Tank Pietsje, foar de moaie jierren dy'tst mei it sjongkoar mei belibbe hast. Spitich dat sy net mear it jubileum fan 2026 meimeitsje kin. It Frysk Sjongkoar Lelystêd en it kritebestjoer winskje de bern en bernsbern in protte sterkte ta om dit ferlies te dragen.

Kritemiddei 22 febrewaris yn Posa.

It Dreamteäter út Akkrum kaam dizze middei mei it stik "Stokjes in perfekte dei" - in tragikomeedzje.

Lykas der yn de 'oarder fan tsjinst' stie: In ferhaal oer ôfskied en weromsjen In ferhaal oer âlde freonskippen en lang bewarre geheimen. In ferhaal oer de ûnferwoastbere bân fan freonskip en famylje yn in doarpsmienskip. Mei wa sitte jo op in stokje?

It wie oerweldigjend as jo de teäterseal yn kamen, wat in prachtich dekôr. Jo hienen it idee dat jo yn in tsjerke sieten, mei tsjerkebanken en tsjerkefinsters. De akteurs op it toaniel en wy as tsjerkegongers dy't oan de tariedingen op de 'tsjinst' meidiene. In tsjinst, wêr de frou en soan fan de ferstoarne tusken it publyk sieten, in tsjinst fol mei misferstân en besikers dy te let binnen kamen.



En sa sieten je yn de tsjerke en sa wiene de tsjerkebanken yn in sucht feroare yn in bar en de tsjerkefinsters yn de muorren fan it kafee. It kafee, wêr de neisit holden waard en wêr de tsjerkegongers efkes byelkoar komme soenen, mar dat rûn hiel oars. Healwei it stik wie it skoft, hoe goed de regisseur dit oplost hie yn in seal sûnder gerdinen! Lykas foar it skoft stoppe waard, sa begûn nei it skoft it ferfolch, de spilers op it selde plak en yn deselde poaze, mei it werheljen fan it lêste stikje tekst. Jo sieten gelyk wêr yn it ferhaal. Al mei al in geweldich stik. Nei fiif optredens yn Akkrum, wie dit de sechsde kear dat it spile waard en dat koenen wy goed fernimme. Tige tekst fêst. En de muzyk dy brûkt waard, paste by de sfear en de sênes. Mei alve spilers op it toaniel, wêrûnder 2 jonge spilers, yn dit sels skreaune stik troch ien fan de spylsters. Al mei al in tige slagge middei.

Luit Dijk.

It Genoatskip

In jonge frou is op 'e syk nei it ferline fan in ferstoarne buorman. Se fernimt al gau dat der minsken binne dy't dat net op priis stelle. It wurdt har stadichoan dúdlik dat de man yn 'e besnijing fan de frijmitselerij wie en se freget har ôf oft it riedsel om syn libben hinne dêrmei te krijen hat.

UT DE ITENSIDERIJ.

Stoofpotsje mei griente, ierpels en beane.

Yngrediïnten voor 4 persoanen:

500 gr krielierappels;	2 teeleppels kurkuma;
3 selotten;	1 teeleppel tijm;
1 winterwoartel;	1 laurierbledsje;
1 prei;	1 teeleppel kaniel;
1 bakje sjampinjons (250 gr);	½ teeleppel gimberpoeier;
3 teantsjes knyflok;	½ teeleppel chiliflokken;
1 blikje tomatpuree;	400 ml grientebûljon;
in sek mingde beane;	sinneblom- of olive-oalje
2 teeleppels paprikapoeier;	

Tameitsjen:

- ♦ Snij de selotten en de sipel yn stikjes en de prei yn ringen.
- ♦ Ferjit de oalje yn in stoof- of briedpanne en bak dêryn de selotten, knyflok en prei en foegje alle krûden (paprikapoeier, kurkuma, tijm, laurier, gimberpoeier en chiliflokken) dêroan ta. Bak dit alles likernôch 3 minuten. Bliuw goed rieren.
- ♦ Bak yn in pankoeckspanne de sjampinjons. Waskje de krielierappeltsjes en snij se trochmidden en snij de winterwoartel yn plakjes. Foegje beide ta oan de selotten etc. en bak se 2 minuten mei.
- ♦ Foegje dan de tomatpuree ta en bak dizze 5 minuten mei.
- ♦ Jit de bûljon derby en lit alles mei in deksel op de panne 20 minuten soarje. Rier yn dy tiid sa no en dan goed.
- ♦ Doch dêrnei de beane en de sjampinjons der by en lit alles noch 10 minuten soarje. Helje voor it optsjinjen it laurierblêd derút.
- ♦ Dizze stoofpot kin sa iten wurde, mar rys, naanbôle of Turkse bôle is der ek lekker by.

Yvonne Nederpel




IN SMOUT FERHAAL.

Ferhaal fan Gjalt de Groot út de Doarpsbel fan Holwert.

De bysmaak fan in prúmke.

Op de Herensociëteit yn Hallum, freedtemoarns fan 9.30 oant 11.30 oere rôlet der wol gauris in sterk ferhaal oer de tafel. Sa ek dizze freedtemoarn. We sieten der mei sa'n man as fjirtjin, de kofje mei wat derby wie op en it earste slokje ynskonken, doe Reinder kaam mei in ferhaaltsje oer prúmkjen. Jongeren sjogge jo dan ferheard oan by sa'n wurd, mar wy fan de soos, ha der allegearre ús eigen oantinkens oan. Sels skeat it my fuort ek wer yn't sin, myn earste triedsje tabak. Heit prúmke. It wie yn 1955 en de kij waarden op Lector et Emergo yn de jister molken, mei de hân. By it stekje fan de jister leinen in pear tuollen, spanriemen, hoarntouwen en in pear kowehoarntsjes mei dêryn oervet. Foar't heit begûn te melken naam hy in fask prúmke en lei dan it pûdsje mei 'Drachster Kij' by de oare attributen by it stekje, oars knypte it him by it melken tefolle yn 'e bûse. Ik wie tsien, hie út skoalle wei in skaaltsje reade strinkjebeien opiten, skarrele bûten by de jister om en seach heit syn prúmtabak lizzen. Ik koe de ferlieding net wjerstean, helle der in pear triedsjes út en begûn de kôgjen. It duorre net sa lang doe wie ik sa beroerd as in kat, spuie En ik spuide read, skrok my rot! Bloed? Mar it wiene de reade beien.

No Reinder syn ferhaal. Op de Noardermieden ûnder Hallum buorke Jouke Douwes de Boer. Douwe hie foar de freedsmark feekeapman reade Ruerd in bist meijûn yn kommisje. Ruerd kaam deselfde dei, it sil sa om en de by healve fjouweren west ha, del om it bist te beteljen. Boer Douwe sei tsjin Ruerd: "We sille krekt om tee, kom mar mei". Ruerd, in fûleindich prúmker, helle syn noch



net útkôge prúmke út de mûle en leit it op it bûthûsbankje. Weismite wie it noch te goed ta. Mei de tee gie de lytsfeint, lytse Grytsen, as earste nei 't bûthûs en Ruerd telde oan de keukentafel boer Douwe de sinten út foar it bist. Yn't bûthus tsjinoer it bûthusbankje kaam Klaske 13 oerein, hold de sturt wat ôf, kromme de rêch en miigde yn de groppe. Lytse Grytsen seach it en yn in roets griep er it prúmke fan 't bankje en hold de hân mei it prúmke derûnder, knypte it noch efkes út en lei it prúmke wer op it bûthûsbankje. Drok prattend kamen boer en reade Ruerd no ek de bûthusflier del. Doe't Ruerd by it bankje wie, stuts er it prúmke yn de mûle, kôge efkes en sei tsjin boer Douwe: "Falt my neat ôf, neat net útdrûge".

Jan fertelde op syn Snekers: "Ik reed soan bytsje as enigste yn 1932 met in taksie yn Sneek. It waar op saterdagavond, in uur as acht, der kaam ien aan de deur, slager Leiendekker fan de Oasterdyk. Der waar in selskap Sneker sakelieden, die wouwen noch efkes naar de Weaze yn Leeuwarden. No waar Nelis Faber, eins wat in groate rûchhoauwer der oek by, kauwend op in prúm, it prúmsap yn 'e mondhoeken en op 't kin. Totaal niet by it selskip passend. Se suden him wel metnommen hewwe foar de gijn, onderweg naar Leeuwarden sieten se him al best op te naaien.

Aankommen op de Weaze stroept dy Nelis fut by soa'n froutsje yn 't kamerke. Mar dy sêgt: "Earst dy prúm der út, dy om de kop fege met in dampe doek en de bek spoele, stinkst, de fellebloatery fan Van Buren is der niks by en aanders dubbel taryf. Leg dy prúm soalang mar yn't skaaltsje yn 'e fensterbank."

Wy stonnen búten met moaie ferhalen en in hoop lol te wachten op Nelis. No, dat duurde niet lang en daar waar Nelis weer, kauwend op syn prúm. "Hoe waar it" fraagt kapper De Wit. Nelis deed noch in paar knauwen op syn prúm en kwitste doe in straal op de tegels. Mar hy skrok him doad! Spuide bloed! "Gatferdikke" sei Nelis, "ik hew se wel es faker goed raakt, mar noch noait su da'k bloed spuide!" "Laat dy prúm ris sien" segt slager Leidedekker. Dat Nelis de prúm út de mond. Waar it de tampon fan dat froutsje, lei oek yn dat skaaltsje en se hat de week!

UT DE BOEKEHOEKE.

Yn dizze bydrage fan de boekehoeke ljochtsje wy der in skriuwer út. Nammentlik Lieuwe Pietersen.

(Deinum / Schenkenschans 4.12.1928 - Ljouwert 23.3.2015)

Gymnastieklearaar, taalsosjoloog en skriuwer. Earste publikaasje wie 'Fryslân yn en om it perk' (1956), útsein oer sport, skreau hy ek taalsosjologysch wurk. Pietersen skreau in tal romans yn it Nederlânsk en makke yn 1996 syn Frysktalige romandebút. Syn wurk wurdt troch de lêzers wol wurdearre, mar kritikasters reagearen earder reservearre. Het fergryp waard bekroand mei in priis fan de KFFB.Wrk.: (romans:) De Fal (1996); It Fergryp (1998).

De Fal

In portret fan in ûnbekende, âldere frou is de oanlieding foar in jonge learaar om nei de persoan fan de foto te sykjen. Benammen as it bliken docht dat dy foto drastysk bewurke is. It tragysk libbensferhaal komt stikje by bytsje oan it ljocht. In spannend ferslach.



It Fergryp

Jaring Wynia, administratyf meiwurker op in kantoor, rekket belutsen by de problemen fan syn froulike kollega Diet Blom. Sy en benammen har suster Trude, wurde pleage troch it ferline: der hat in kwestje yn 'e famylje west, dêr't Trude de dupe fan wurdt en dy't har yn in ûnhâldbere situaasje bringt. Jaring besiket om Trude te helpen. Dat slagget him in ein hinne, oant er op in probleem stuitet dêr't er net op rekkene hat ... 'It Fergryp' spilet, lykas Lieuwe Pietersen syn foarige roman 'De Fal', yn Ljouwert en omkriten.

de wei is hielendal ticht-groeid. Mei snilen. It liket wol dat de planten fan it heechfean fan eartiids werom komme. Ik sjoch ek in totaal ferrustke en mei planten oergroeid wetterkearinkje. Fierder fan de dyk ôf is in nije brede wettergong



De toer fan Smilde

makke. De wetterhúshâlding yn dizze krite is oanpast oan de easken fan de moderne lânbou. In woltierende boerestân hat him hjir net ûntwikkele. De lytse buorkerijen fan yn it begjin blykten to lyts foar in goed bestean fan de



boeren. No hawwe dy buorkerijen faak in oare funksje en is it bybehearrend lân opgien yn in grutter boerebedriuw. Dy nije pleatsen steane yn de rjochting fan Smilde. De wei nei Damslús is de Mennewei en die is goed trije kilometer lang.

It kuiert noflik hjir en al gau kom ik oan by Damslús. Dat is in lyts buorskip, ûntstien by in slûs. De slûs is noch yn gebrûk en is in foarneamde skeakel yn de Turfrûte, de toeristyske farwei tusken de Gordyk en Smilde. De slúswachterswenning neist de slûs is prachtich restorrearre. Ek stiet hjir noch de grutte ûntginningspleats fan wêrút it omlizzende lân troch de Heidemij oanmakke is. Dit alles makket dat Damslús in histoarysk plakje is. Myn kuier wie dizze dei net lang. Mar sa'n seis kilometer. It wie foar my in goed útprobearjen no't myn gestel wat efterút gien is. It gie goed. De folgjende kear rin ik troch it DrintsFryske Wâld nei Elsloo ta.

LANS DE GRINS KUIERJE troch Eabele van der Veen

Kuier fan 10 april 2024.

Nei in lange tiid ha ik myn kuier lâns de grins wer ferfolge. Yn july 2023 rûn ik foar it lêst. Doe hie ik by de Damslús ûnder Apelskea op hâlde wollen. Dat slagge doe net. Hjoed sil dat wol gean tink ik. Mei de trein nei Assen en dan mei de bus



De Heksenhoeve

nei Smilde. By de Jonkersbrug begjint hjoed myn kuier. Smilde is een streekdoarp. Fanôf de Haadwei is men lâns de Jonkerswyk einliks al fuortendaliks yn it keale iepen fjild. De grutte ikkers binne noch trochwiet fan de protte rein



Nije natuer Oude Willem

dy't der ôfrûne winter en hjerst fallen is. It sjocht der wat ûnherberchsum út hjir. Hjoed is it droech waar. It foarjier is der no mei syn moaie skjinne loften. Yn de fierte ljochtet it sân by in sanôfgraving fûl op yn de sinne. In moai oansjen is dat. De kearsrjochte dyk

einiget by de grins mei Fryslân en it Fochtelerfean. Der stiet ek wer in grinspeal. Fanôf dit plak kin ik de grins folgje lâns in ûntginningswei dy't útkomt by de Damslús. It is dúdlik te sjen dat de ûntginning hjir noch mar koart lyn west hat. De buorkerijen dateare fan 1910. Wer't ik no stean leit rjochts yn de fierte Ravenswâld en it Fochtelerfean. En lofts op twa kilometer ôfstân is de lintbebouwing fan Smilde. It lân leit der wat suterich hinne fyn ik. De sleat neist

**It bestjoer fan de Sékrite nûget harren leden út foar it
bywenjen fan it toanielstik**

“Ik bin al hiel fan jo, menhear Visser”

fan ‘PRO REGE’ fan Holwert

op freed 11 april 2025 om 20:00 oere yn teäter POSA.

De seal is iepen fanôf 19:15 oere

Tagong: leden € 12,50, net-leden € 17,50



‘Pro Rege’ in toanielferiening dy’t al mear as 80 jier alle jierren in stik op de planken bringt. Net allinnich yn Holwert en Ferwert, mar ek bûten Fryslân. Yn maaie binne sy begûn mei it repetearen fan in nij stik en wêr se dan fanôf novimber mei fuort geane. It stik wurdt it hiele winterskoft spile oant april ta. Sy leverje in kompleet pakket foar in foarstelling: se nimme it dekor, it ljocht en lûd allegear mei op reis. Sy binne in bekende toanielferiening foar ús, sy hawwe al mannich kear by ús west.

It Stik:

De iene wennet by syn mem en is mâl mei syn postsegelsamling. De oare wennet op de boppeferdjipping by har broer en skoansuster en breidet om de dagen troch te kommen.

Dizze twa minsken komme mei elkoar yn de kunde boeit de leafde op?

In advokaat en in haadredaktrise fan in rabbersblêd, in bysûnder echtpear hoe stiet it mei de leafde?

In echtpear hiert in pân, sy runne dêr in bordeel ... fynt men hjir de leafde?

In erfenis, in konsert, betinklike foto’s, froulju mei skiere knibbels en leafde; dat alles sit yn harren foarstelling!

Wy binne benijd !!



Spilers fan links nei rjochts:

Boppe: Willem Verbeek, Nico Bierma, Dikkie van der Wal,

Under: Marijke Faber, Johanna van der Merij, Hillie Politiek, Anna-Thea de Vries, Joukje Kramer en Elly Visser

It stik is skreaun troch Carl Slotboom en oerset troch Abele Krist